

22 SEPTEMBER '18

# GREID #DOEK FESTIVAL

#BOBEK

FESTIVALKRANTE 2018

MUZYK

**DOE MAAR-  
 TRIBUTE: TOE MAAR  
 LUCKY FONZ III  
 KNARSETANDLEAFS  
 CANSHAKER PI FUZ  
 THE AMP THE HOOCHIES  
 MOSKEN GREIDEBERN FT. WIEBE KASPERS  
 WINNAAR KLEINE PRIJS VAN FRIESLAND LESTER BLACKFIELD**

FOARFERKEAP

€12

TACONG

€15

13-17 EN 65+

€6

<13 JIER

Fergees

HJITSTO BOB?

Fergees

TIID?

FAN 15:00 ôF

Perust

**DE PAUPERFONTEIN**

UNDER DE TOER: DE PROFYLFOTO EAN KLAAS  
 DE MOBIELE ZEEFDRIKKERIJ SELF COLLECTIVE LWD  
 CODERDOJO EN NOCH FOLLE MEAR!

WWW →

GREIDHOEK  
FESTIVAL.NL



# #DOEK

**I**n pear jier werom hiene wy al it tema 'Oade oan de Frou', wêrmei't wy sjen en hearre litte woene dat froulju machtich moaie dingen dogge en meitsje. De leden fan ús keunstkommisje binne dêr noch hieltyd in foarbyld fan. Us tema's fan de lêste jierren wiene nochal sosjaal engazjearre. Ien Happy Family en Make Love Not Wall, Bob hat it hert op it goeie plak. Bob nimt de dingen yn de regel net sa swier en sjocht fan de measte dingen de humor wol yn. Mar op ûnrjocht en ûnderdrukking hat er it net te stean. Dêr komt hy tsjin yn ferwear. Net lang werom kaam wrâldwiid oan it ljocht dat froulju in protte lestichfallen wurde en eftersteld. As noch slimmer. #metoo wie de hite hestek. It griisde Bob oan. Dit moat ophâlde, krekt as dat gegriem tsjin asylsikers en flechtlingen. It tema fan dit jier moat dêr oan bydrage: #Bobek. Wêr dogge wy it net goed, wat dogge wy dêr't oaren fan te lijen hawwe, hoe kinne we dat ferbetterje? #Doek. Fansels sil dit op humoristyske wize útbylden wurde, sa is Bob, sa bin wy, bestjoer en keunstkommisje. Dat belooft wer wat. Doe't de Slachtemarathon fan dit jier noch trochgean soe en Wommels dêrby in festivaldoarp wêze soe sieten we mei de oprjochte organisaasje-groep dêrfoar by my thús yn de keamer dêr't alle posters fan it Greidhoek' Festival hingje. It opperhoofd fan Into the Great Wide Open, Ferry Roseboom, soe de kultuermakelder wurde. Hy

rûn mei syn eagen de posters wat del en wie danich ûnder de yndruk fan wat wy allegear op de poadia hân hiene, útsein fan de Sjineeske poster, want dy koe hy net lêze. Ik kin jim garandearje, de poster fan dit jier sil him wer ferpletterje (hy hat my Ate syn tillefoannûmer al frege, mar dat haw ik him net jûn fansels). De kwaliteit fan ús bands is wer top en it ferskaat is grut. It is hjir en dêr fernijend, op oare plakken werkenber, oeral nijsgjirrich. De keunst, it berneprogramma, it iten en de fjildoanklaaiing sille wer ferrassend, fernuverjend, boeiend, lekker en moai wêze. Lês der alles oer yn dizze krante. We bin der skoften mei dwaande west om it út te tinken en dat is wer poerbêst slagge. It swimbadfjild is wersteld en kin der wer tsjinoan. We sille werhelling fan de drekbende fan ferline jier besykje foar te kommen; lit de learzens mar thús. Nim dyn toarst en freonen mei en wês benijd. #Doek.

Foarsitter Stifting Greidhoek' Festival

*Lukas Offinga*



## EARDERE EDYSJES



## UNTSTEAN FESTIVAL

Yn it begjin wie der Klomprock en doe kaam Bob. Fan in sympatike benefyt-muzykjûn foar swimbad De Klomp, groeide yn de geast fan Bob Ross it suksesfolle en alsidige Greidhoek' Festival. De earste edysje yn 2011 waard troch Willem Wijnia, Wybren Jorritsma, Teade de Boer, Ate de Boer, Jos Cartens en Arnold Strikwerda opsetten, wêrby't swimbadfoarsitter Lukas Offinga it foartou naam. In moai ploechje minsken mei in ferskaat oan kwaliteiten, mar mei itselde doel wat it festival oangie. Yntym, tsjin de tried yn, eigensinnich, kreatyf, jierliks, in unyk evenemint yn de regio fol muzyk en ferskate keunstfoarmen. De earste edysje waard lyk in grut sukses ek al barde dat yn in oaze fan wetter en drek lykas ferline jier. It wie benammen de sfear en de strakke organisaasje dy't wurdearring krige bij de gasten en ek by de artysten. Dat smakke nei mear. Yn 2012 kamen der al sa'n 800 besikers en dêrnei alle kearen sa'n 200 mear, sadat wy ferline jier al op sa'n 1800 besikers sieten. Oant no ta binne alle edysjes prachtige sfearfolle festivals mei hearlike muzyk, iterij en nuveraardige keunstprojekten.



**IT # GIET FAN DE DAAM!**

## WA WIE BOB ROSS?

Bob Ross wie yn de jierren '80 in bekend lânskipsskilder mei in opfallend afro-kapsel. Hy hie in televyzjeprogramma wêryn't hy je yn in pear stappen sjen liet hoe maklik je in skilderij meitsje koenen. Yn dizze 'Joy of Painting' liet Bob sjen dat foutsjes net bestean; "that are just some happy little accidents", wie ien fan syn prachtige útspraken. Syn programma waard yn Amearika útstjoerd, mar ek yn Nederlân en Dútslân bygelyks. Bob Ross groeide mei troch syn hilaryske útspraken út ta in wiere kult-held. It makke him neat út dat der ek minsken wienen dy't syn programma brûkten om yn 'e sliep te kommen of ta rêst. Bob Ross wie eigensinnich, aardich, fleurich, grappich, orizjineel, tagonklik, oars as oars, oftewol eksakt wat wy mei it Greidhoek' Festival ek útstriele wolle. Bob is dêrmei ús festivalsymbol.



## JUMBOB-AKSJES

De ôfrûne wiken koenen jim mei ferskate aksjes frijkaartsjes foar it Greidhoek' Festival winne by de Jumbo-Kooistra yn Wommels. Neat wûn? Dat is spitich. Dan mar efkes Bob de fyts nei de JumBob om in kaartsje te keapjen. En miskien is der dochs ek noch wol in aardige aksje dêr't je kaarten mei winne kinne!







# BESTJOER STIFTING GREIDHOEK' FESTIVAL



Lukas Offinga



Aart Laferte



Ate Feike de Boer



Jan-Jelle Kuipers



Willem Wijnia



Leade de Boer

## KEUNSTKOMMISSJE

Rixt Walda, Grietje Deinum, Fanneke de Boer, Wendelien Kloosterman en Rozemarijn Strubbe



## BOB BOB YNTERNET EN BOB DE SOSJALE MEDIA


Fansels hat it Greidhoek' Festival in eigen webside. Dizze is te finen op: [www.greidhoekfestival.nl](http://www.greidhoekfestival.nl) en ek op [www.greidhoekfestival.frl](http://www.greidhoekfestival.frl). Ek binne wy te finen op Facebook: [facebook.com/GreidhoekFestival](https://www.facebook.com/GreidhoekFestival) en Bob [facebook.com/bob.greidhoek](https://www.facebook.com/bob.greidhoek). Bob twittert Bob: [@Bob\\_Greidhoek](https://twitter.com/Bob_Greidhoek).

Ek sit Bob Bob Spotify. Lústerje alfêst nei de artysten dy 't op 22 septimber op it Greidhoek' Festival komme troch yn te loggen op Spotify en te sykjen op Greidhoek' Festival. Dizze Spotify-playlist is ek te finen op ús ynternetside.

In playlist kinne jim ek fine op Youtube troch Youtube gean en te sykjen op Greidhoek' Festival 2018.

## BOB-SJOP

Stifting Greidhoek' Festival hat in wiere BOB-lijn. Wy ferkeapje sjurtsjes dy 't makke binne mei as grutste ynspirator Bob Ross. De shirts mei prachtige BOBdrukken kinne besteld wurde yn de BOB-sjop: [greidhoek.spreadshirt.nl](http://greidhoek.spreadshirt.nl). De shirts binne makke yn gearwurking mei Halvegaren.nl. Jim kinne harren fêst ek wol fan Baas Himd. De BOBsurts binne te krijen yn alle maten, fan babymaat oan 't 5XL. Der binne sawol sjurts foar manlju as froulju, de kwaliteit fan de shirts is heech en de prizen rinne útien fan 14 oant 27 euro.



## KOLLUM AANT HOESTRA

### Leuk

7 juny is ien fan de moaie dagen fan dizze (foar)simmer. It is fyts- en koartebroekewaar. Dat earste is it by my it hiele jier en mei it twadde bin ik meast ek net let. Ik moat jûn om 7 oere yn studio Landscape yn Gau tekst ynsprekke foar De Profylfoto fan Klaas, de bijdrage fan Wommels oan Kulturele Haadstêd. Mar dat ynsprekken is net alles. Of ik efkes mei trije jongeren fan Tywerthiem prate wol oer de troch my ynsprutsen tekst. Dus sitte wy earst wat yn spanning oan in studiotafel mei in grutte mikrofoan foar ús. Nei twa fragen is de spanning fuort en is it krekt of sitte wy op ien fan de bankjes op de Terp yn Wommels wat by te kletsen. Moaie fragen krij ik oer de 'goeie, âlde tiid' yn Wommels. Hokker snoep wy hiene yn 1960, oft der ek in kafetaria wie yn Wommels en hoe faak dy iepen wie, oft ik froeger ek smookte, oft ik ek ferkearing hie op de legere skoalle. "Muntdrop en trije kear ja", dat binne de antwurden. "Wat soene jo no noch graach wolle" is de lêste fraach. "Gewoan leuke dingen dwaan" is myn direkte antwurd. Dêr hoech ik net lang oer nei te tinken. Wy prate dêr wat op troch en werom op de fyts nei hús tink ik dêr nochris oer nei. Fytse en neitinke is in ideale kombinaasje, wit ik út erfaring. "Leuke dingen dwaan" dat klinkt sa maklik. Leuk foar de iene is net leuk foar de oare. Boatsjefarre, einen rinne, swimme, autoride, winkelje, opkloppe emoasjetevee sjen, keatse en efter de geraniums sitte, it binne wat foarbylden fan dingen dy't ik foaral net leuk fyn. Pake wêze dat fyn ik leuk, mar ja dat oerkomt je. Fytse, fuotbalje, twitterje, de Fryske taal, lêze en op ynternet omsneupe dat fyn ik wol leuk. Muzyk dat fyn ik mear as leuk, dat fyn ik geweldich. Yn al syn fasetten mei Joetjoep, mei Spotify, mei platen, mei CD's en soms

sels mei de radio. 1 juny wie de Bobjûn, ek dat is altyd leuk. Al dy minsken te treffen dy't wat fiele foar it Greidhoek' Festival, dy't dêr op eigen wize in bijdrage oan leverje. In moaie jûn mei altyd in spannend momint as BOBate seit wat er komt. It muzykprogramma mei der wêze mei ferskillende bands dy't ik al earder seach: The Hoochies hearde ik by de altyd gesellige bluescruise yn Easterein, nei Mosken seach ik mei nocht op Aaipop, Lucky Fonz III prate en song him yn Nijbeets op it Skimerjûnfestival nei in heech nivo, bij The Amp rockte ik hearlik fuort op it Befrijingsfestival en bij Toe Maar yn Boalsert soe ik nei hús mar bleau ik hingjen fanwege de geweldige sfear dy't ûntstie. Wat foaral ek leuk wie op de Bobjûn wie de oankundiging dat wy de lege glêzen dit jier in kear net allegear op de grûn hoegje te smiten mar yn buizen dwaan kinne, sadat it terrein oan de ein fan de jûn hast oprêden liket. Dat fyn ik in leuke útdaging foar ús allegear. Mar boppedat: genyt fan de minsken om jim hinne, fan de keunst en fan de muzyk en dan wurdt it fêst wer in leuke jûn.

Aant Hofstra



# MUZYK

## LUCKY FONZ III

📍 Slasefanmyôf-steets ⌚ 21.15 – 22.05 oere

Al by de earste edysje fan it Greidhoek' Festival stie hy by ús op it ferlanglistje: Lucky Fonz III. Hy is yn ús eagen de bêste sjonger/ferskesskriuwer fan Nederlân. Hy sjongt en skriuwt lykas Bob Ross syn skilderijen makket. Je wurde der bliid fan en krije der flinters fan yn 'e búk. Wa wol dat no net? #doek



## LEAFS

📍 Grabthembythepussy-steets ⌚ 20.35-21.10 oere

Jamiel Dapaloe, oftewol Leafs, is 16 jier en wurdt sjoen as it grutste raptalint fan Nederlân. As hy mei in nij nûmer op Youtube komt dan wurdt dat meast binnen in pear dagen mear as in miljoen kear belústere. Hy stie ferline jier al op it Woo Hah-festival, mar liket dit jier hielendal troch te brekken mei optredens op û.o. Paaspop, de Zwarte Cross, Pukkelpop en Lowlands. Yn dit rjochje mei it Greidhoek' Festival net ûntbrekke fansels. #datfyntBobek



## MOSKEN

📍 Grabthembythepussy-steets ⌚ 17.05-17.45 oere

Mosken bestiet út Bert Steeman, Sjoerd van Kammen, Jelte Rijpkema, Ronald van den Oudenalder en Joop Visser. Sy meitsje Frysktalige muzyk dy't net makkelijk yn in hoekje te pleatsen is. It eigensinnige sjongen fan Bert Steeman, begelaat troch dan wer piano, dan wer ukelele of gitaar, soarget foar in ferskaat oan sfearen dêr't Mosken it publyk yn meinimme wol. De ferskes 'Els en Wim' en 'De Keningin fan Tsjalberd' wurde geregeld draaid by Omrop Fryslân, mar op it podium komt de band it beste ta syn rjocht. #Bobek



## FUZ

📍 Slasefanmyôf-steets ⌚ 19.55 – 20.30 oere

Ek it Greidhoek' Festival programmearre fiersten te min froulju, dus dat moat hurd oars. Ea wienen sy de jongste band op Lowlands en no komme Savannah, Sara, Lieselot en Gini nei it Greidhoek' Festival en sille ús mei Fuz trakteare op seks, hier en rock 'n roll. Dat klinkt ús as muzyk yn de earen! #Bobek



## CANSHAKER PI

📍 Grabthembythepussy-steets ⌚ 22.10-23.00 oere

Neffens muzykblêd OOR is Canshaker Pi op dit momint dé band dy't je live sjen moatte, dat dat komt moai út. Canshaker Pi sil jim allegear omfier blaze mei harren rammelende garaazjerock. Binnen de linen kleurje is der net by en dat mei Bob wol lije, want hy kin eins gjin lijntsjes. Rock 'n Roll!!! #Bobnroll



## LESTER BLACKFIELD WINNER KLEINE PRIJS VAN FRIESLAND

📍 Slasefanmyôf-steets ⌚ 18.30-19.05 oere

De winner fan de Kleine Prijs van Friesland stiet dit jier ek wer op it Greidhoek' Festival. Yn de finale op sneon 16 juny yn Iduna yn Drachten wûn Lester Blackfield út Harns. Lester Blackfield spilet alternative rock mei bluesy deprî nûmers dy 't tagelyk ek dûnsber en fleurich binne mei opswypjende beats en gitaarrifs. Dat klinkt no al goed!! #Bobsynfiskekops





## THE HOOCHIES

📍 Slasefanmyôf-steets 🕒 16:00 - 17:00 oere

Lykas ferline jier traapje wy it Greidhoek' Festival ôf mei dikke fette blues. Dit kear troch The Hoochies. Ferwachtsje oertsjûgende rauwe blues yn de Chicago-styl Bluesharp. Rauwe blues en boogie yn de tradysje fan Little Walter, The Red Devils en Sean Costello.

Sy spylje de blues as siet de duvel harren achter de kont oan!  
#kommarBobdan



## KNARSETAND

📍 Grabthembythepussy-steets 🕒 0.05-1.00 oere

Knarsetand is in tsienkoppige band dy't in enerzjike miks fan drum 'n bass, gypsy, balkan, dubstep, ska en popmuzyk makket. Mei oare wurden: Knarsetand blaast je de dûnsflier op en je stoppe net earder mei dûnsjen as dat je op bêd lizze. As je gelok hawwe!  
#hesteksannochoandûnsjen?

## THE AMP

📍 Grabthembythepussy-steets 🕒 19:10 - 19:50 oere

Op Befrijdingsdei die The Amp foar it earst yn 23 jier wer ris in optreden. Wat sy ús dêrmei dúdlik makken wie dat wy dizze band dit jier perfoarst op it Greidhoek' Festival stean hawwe woenen. Foar 't te let is! Sjonger Nyk de Vries hat wolris faker op it Greidhoek' Festival stien as dichter, mar no sil hy jim mei The Amp omfierblaze.  
#margoedfêsthâlde



## GREIDEBERN MEI WIEBE KASPERS

📍 Tinder-dome 🕒 17.00-17.30 oere

Wat is de Greidhoeke sûnder Greidefûgels? De Greidebern hawwe dêr mei Wiebe Kaspers yn it ramt fan 'Graidhoeke goes Onderwijs' in ferske oer makke. Dit nûmer kaam yn desimber op nûmer 8 binnen yn de Fryske Top 100 en op 22 septimber komt it by jim binnen op it Greidhoek' Festival!  
#Bobneinûmerien



## ERISO VINYL

📍 🕒 Wêr en hoe let is noch in ferrassing

Der is gjin better adres te finen foar de ienige echte orizjinele soul, jazz, funk as rock & roll. De hits op finyl fleane je om de earen wêrby't je skouders, fuotten en heupen wis de beat fine. Fan gouden klassikers oant de minder bekende, mar wis net minder dûnsbere hits, wêrfan't je lyk de artyst witte wolle. Hoe âld de hits binne dondert neat, Friso Vinyl syn feestjes binne yn alle opsichten tiidleas!  
#allegeardedûnsflierBob



## DOE-MAAR-TRIBUTE: TOE MAAR

📍 Slasefanmyôf-steets 🕒 23.05-0.00 oere

Tusken 1978 en 1984 wie Doe Maar de populêrste band fan Nederlân. Oan reunys dogge sy geregeld, mar it slagget net om harren nei it Greidhoek' Festival te krijen. Bob syn brune kin it net lûke. Doe mar de bêste coverband fan Doe Maar fêstlein: Toe Maar. Ien fan Bob's doelen is ommers om sawol jong as âld de dûnsflier op te krijen. Mei dizze band slagget dat geheid!  
#foardatdeBobfalt



# KEUNSTPROGRAMMA

## TOANIELKLUP BOB

ELEVEN FOUNTAIN FEINTEN EN FAMMEN PROJECT (EFFF)



🕒 16:00-21:00 oere

📍 Yntree

Dat de spilers fan Toanielklup BOB ferline jier in protte minsken bobmakke hawwe yn harren Skientmesalon hat fertúten dien. Dêrom ha sy dit jier de wrâldferneamde keunstner Mieto Bob Rosbeef III ("I Adore Doutzen Kroes and al the other Frisian cows") útnûge. Hy siket modellen foar syn Eleven Fountain Feinten en Fammen project (EFFF).

## CODERDOJO WOMMELS

CODE ROOD JO!



🕒 16:00-20:00 oere

📍 Fjild

By de CoderDojo Wommels learst dyn mantsje/froutsje/beide te stean as it om programmearjen giet. Upcycleje op it festival dyn eigen genderneutrale robot fan ôfskreaun materiaal of meitsje in mandala om fêste patroanen tsjin it ljocht te hâlden mei in digitale kaleidoskoop. Foto: Piet Douma

## SJOCH & DOCH

#METOETER  
#WEESOPJEHOEDJE  
#MASKERSAF



🕒 16:00-20:00 oere

📍 Fjild

Blaas fan dy ôf, lit dy net op 'e kop sitte en set dyn masker ôf ûnder lieding fan Eastereinder en Wommelser knip-en-plakkorfeeën. Hjir makkest dyn eigen #Metoeter, #Weesopjehoedje en #Masker saf. No kin elk hearre en sjen datsto net oer dy hinne rinne litst.

## DE MOBIELE ZEEFDRIUKKERIJ

HJIR BISTO SEEF




🕒 16:00-20:00 oere

📍 Fjild

Wês net bedrukt ast by de wein fan Nynke Runia en Iris Nieuwhof fan De Mobiele Zeefdrukkerij komst. Hjir makkest sels in print op dyn eigen klean of tas, dat nim in ekstra tekstyltsje mei of yn it himd derfoar! Gjin ûnbeflekt konsept, mar bist wol seef. #gjinûnderdrukking

## WOL OF NET FAN DE MIK EN NIJ STAPERT

MEGA HESTEK



🕒 16:00-23:00 oere

📍 Fjild

De meiwurkers fan De Mik en de pakes fan Nij Stapert makken in Mega Hestek-spul. En de Mikkers hawwe ek alle buordsjes dy'st op it terrein sjochst makke. Nim dyn romte en lit dy net fan it slachfjild skowe.

## PAKJE KUNST

HESTEK KEUNST?



🕒 16:00-23:00 oere

📍 Fjild

Ut de âlde meganyske sigarette-automaat fan Pakje Kunst hellest in unyk keunstwurk op it formaat fan in doaske sigaretten, makke troch bygelyks Pieteke de Boer, Margaretha Posthumus of Hendrik Elings. #hestekfjoer?

## IEPENUP

IEPENUP DING 🕒 16:00-23:00 oere 📍 Fjild



It IepenUP DING reizget troch de provinsje mei in kontroversjeel harkjend ear foar de wrâld fan de takomst. Yn de Germaanske tiid kamen minsken byinoar yn de bosk om wichtige beslúten te nimmen. Dat waard 'it ding' neamd. IepenUP freget dyn ynput foar in nij ferhaal. #Bobekperiment



## DE PAUPERS

### DE PAUPERFONTEIN



🕒 16:00-21:00 oere

📍 Terp

Mei de Pauperfontein (ek wol Pimelfontein of Jan Lul-fontein neamd) leit teatergroep de Paupers mei in kritysk each LF2018 ûnder it fergrutglês, om sjen te litten wat 'mienskip' no echt ynhâldt. De fontein hat yn it hert in iepenbier húske. In universele needsaak dy't gjin ûnderskied makket yn kleur, taal, ras, status of geslacht. Mei iepen poadium! #nijepikoarder

## JEUGD DANS OPLEIDING FRYSLÂN

### BUITEN DE LIJNTJES



🕒 18:00 en 19:00 oere

📍 Fjild

Doar te dreamen, doar te dwaan, doar oars te wêzen: it ferhaal fan LF2018. Dêr basearren de koreografen en dûnsers fan de JDOF Buiten de Lijntjes harren foarstelling op (mei in Bobekstra lyntsje nei ús eigen keunstkommisjelid Janneke de Boer). #Bobekspressje

## TALANT / UNDER DE TOER

### #KLAASPREVIEW



🕒 18:00-21:00 oere

📍 Kontener 1&2

De ferbylding fan de bewenners fan Tywerthiem (Talent) is de reade trie yn de Under de Toer-foarstelling De Profylfoto fan Klaas. Op it festival jout in spesjale eksposysje mei foto's en filmbylden fan harren reis nei Sweden in sfearympressje. Pieteke de Boer soarget foar live gedichten. It stik is fan 26 sept. o/m 6 okt. te sjen yn Wommels. Foto: Jaring Rispens

## HOMSK

### US BUORMAN YN TALINN



🕒 18:00-22:00 oere

📍 Fjild

Teatermakers Eelco Venema en Lourens van den Akker reizgen yn 2017 yn in âlde Katalaanske ambulânse nei Talinn, op syk nei de Europeeske dream. De útkomst: in teatrale fideo-ynstallaasje dy't no te sjen is yn de ambu. Besjoch alfêst harren flogs op lc.nl (sykje op 'HOMSK'). #oerdegrens

## SELF. COLLECTIVE

### #LOVEDYNLIIF



🕒 18:00-22:00 oere

📍 Fjild

Yn de eksposysjes fan SELF.collective, it nije keunstinisjatyf yn Ljouwert, draait it om it lichem. SELF. komt nei it Greidhoek' Festival mei byldzjende keunst en in fideo-ynstallaasje. #Bobeksposysje

## DEIDESIGN

### MATRAS MET VOETEN



🕒 18:00-22:00 oere

📍 Fjild

Utlizze wat har wurk betsjut, hoe't it proses west hat, wêrom sy foar in bepaalde foarm of kleur kiest wol se net. Diede Visser (25) makket, libbet en dêrfanút ûntstiet yntuifyt wurk.

## ELMAR KUIPER MEI FRYSK DICHTERSKOLLEKTYE RIXT

### HESTEK SIN

🕒 20:00 en 21:00 oere

📍 Fjild



Hoe ticht mei in dichter by dy komme mei syn of har wurden? Wat docht it mei dy as ien spesjaal foar dy in fers foardraacht? In sensuele en literêre oade oan dyn persoanlike romte wêryn'sto sels dyn grinzen oanjaan meist. #respekt

# LWD-FRL 2018

## Bob ek

Sosjale feroaring komt altyd op mei dwaan en yndividuele moed. Dat jildt ek foar de 'silence breakers' dy't safolle ympekt hawwe dat Time Magazine harren útroppen hat ta persons of the year. As wurdearring foar harren #metoo kampanje tsjin seksuele yntimidaasje en geweld. Ek in positive ympekt op sekslevens kin taskreaun wurde oan Bob Ross. Dizze âld airforce sergeant hat 20 jier tsjinne yn iiskâld Alaska dêr't hy der achter kaam dat hy ek mei syn stim de wrâld ferheffe koe. Hy brûkt syn wet-on-wet skilderteknik om mei waarm lûd happy trees, clouds and little accidents te begelieden nei grutte hichten. Syn stim could stop a war en makket him wrâldferneamd. Flústerjend en nûnderjend makket hy minsken lokkich. In protte minsken besjogge syn hypnoatyske skildersesjes op Youtube om hearlik yn 'e sliep te fallen. Mar de nijste wittenskiplike ûndersiken gean fierder. Bob Ross soarget foar orgasmes. Autonomous Sensory Meridian Response (ASMR) is it fenomeen dat wol beskreaun wurdt as in 'braingasm' dy't minsken krije nei bepaalde audiofisuele prikkels fan lûd en keunst. Minsken mei in post-traumatisks stress syndroom (PTSS) profiteare it meast fan Bob Ross.

Oardiel sels as dit pseudo-wittenskiplik ûndersyk ek op jo fan tapassing is. Gean yn in donkere romte sitten inkeld mei filmkes fan Bob Ross. Nim de tiid foar it wurk út syn rike oeuvre fan yn totaal 381 kear in ôflevering fan The Joy of Painting. Noch wat statistiken om alfêst yn de stemming te kommen: ferrassend genôch binne de leave lytse wolkjes mar 44% fan de kearen ûnderdiel fan syn lânskippen. Blommen en minsken sjochst hast nea. It meast sjochst beammen. By 91% fan syn skilderijen. Mar beammen hearre net alinne te wêzen, dus by 93% fan de kearen wie der minimaal in twadde beam. As it goed is begjinne jo al in fijne tinteling te fielen yn holle en lichem. Is Bob alris útroppen ta Time Magazine person of the year? Ik soe dat wol terjochte fine.

Wybren Jorritsma

Leeuwarden-Fryslân 2018



Leeuwarden  
Fryslân  
2018



## BOBJÛN

Boppers, OpperBoppers (stipers) en frijwilligers fan it Greidhoek' Festival kamen op freed 1 juny wer manmachtich nei it hôf oan de Van Sminialeane foar de Bobjûn. Mei in hapke yn de iene en in snapke yn de oare hân en tuskentoch it muzyklûd fan Sytse Haima waard troch Bob Ate in taljochting jûn op it Greidhoek' Festivalprogramma 2018, sa't dat no yn dizze krante stiet. De bining mei de frijwilligers, de Boppers en de OpperBoppers is tige wichtich foar de organisaasje. In moaie jûn dy't de start wie om der mei-inoar wer in ferrassend festival fan te meitsjen. Bob nei Bobjûn 2019! Mar earst Bob nei it Greidhoek' Festival fansels!

# 3VOOR12 FRIESLAND

## Eigenzinnigheid én kwaliteit

Inmiddels zijn Greidhoek' Festival en 3VOOR12/Friesland alweer zo'n vier jaar aan elkaar verbonden en wat ons betreft zit de sleet er nog lang niet in. Hoewel de samenwerking ogenschijnlijk iets minder intensief lijkt dan in de beginjaren is dit zeker niet het geval. Zo bieden wij nog altijd de winnaar van de Kleine Prijs van Fryslân een speelplek op Greidhoek' en tippen we de organisatie met regelmaat over interessante bands of acts. Daarnaast is Greidhoek' inmiddels een begrip op de redactie van 3VOOR12/Friesland. Met regelmaat bezoeken wij met onze hoofdredactie het festival en keren dan onder de indruk huiswaarts. Zo zagen we vorig jaar Jerry Hormone Ego Trip en Claw Boys Claw schitteren (misschien wel één van de beste optredens van het afgelopen jaar). De meest indruk maakte Orgaanklap, in 2015. Wat een bizar en tegelijkertijd bijzonder optreden was dat. Naar verluidt wordt er in de lokale dorpskroeg nog steeds over dit optreden gesproken, bij ons op de redactie in elk geval wel. Eigenlijk zijn dit soort optredens kenmerkend voor het Greidhoek' Festival, zo wordt een succesvolle act, of programmaonderdeel niet of nauwelijks geprolonged en kiest de organisatie niet voor de weg van de minste weerstand. Enige controversie kan geen kwaad en dat is wat wij graag zien! Eigenzinnigheid en kwaliteit en daar is men ook dit jaar weer in geslaagd, wat te denken van The Amp, Knarsetand, Lucky Fonz III en natuurlijk Lester Blackfield, de winnaar van de Kleine Prijs 2018! Wij kijken uit naar het Greidhoek' Festival 2018 en hopen jullie daar ook weer te zien!

Theo van der Veer

Hoofdredacteur 3VOOR12/Friesland





# YNEO

## TAGONGS- KAARTEN

De kaarten foar it Greidhoek' Festival kostje dit jier €12,- it stik yn de foarferkeap. Oan de doar jilde se €15,- Bern fan 13 oant en mei 17 jier meie foar €6,- nei binnen ta, lykas 65+ers. Bern oant en mei 12 jier meie fergees. De kaarten binne yn de foarferkeap te krijen by Jumbo-Kooistra yn Wommels en Boalsert en fia [www.greidhoekfestival.nl](http://www.greidhoekfestival.nl).

## FOARFERKEAP

Kaarten foar it Greidhoek' Festival kinne yn de foarferkeap kocht wurde by de Jumbo-Kooistra yn Wommels foar €12,- per stik of fia [www.greidhoekfestival.nl](http://www.greidhoekfestival.nl).

Kaarten foar de jongerein fan 13-17 jier en 65+ers binne allinne te krijen oan de doar.

## BERN

Wy binne gek op bern, benammen as se noch yn de bernewein sitte. Om foar te kommen dat de basisskoallejeugd gauris it terrein op en ôf giet, freegje wy oft der by it ferlitten fan it terrein in folwoeksene meigiet om de boel wat yn 'e gaten te hâlden. Bob docht fan alles om jim te fermeitsjen, mar is gjin Bobpas!

## MUNTEN

Ek dit jier wurkje wy wer mei munten. Se binne te keap by de Willeweinstein en kostje lykas eardere edysjes Bob 'e nij €2,- it stik. Hjirmei kin iten en drinken besteld wurde op it festivalterrein. Ek dit jier wurkje wy wer mei prachtige spesjale Bob-munten dy't allinne dizze Greidhoek' Festival-edysje jildich binne. De munten kinne ek mei de pinpas betelle wurde.

## NIX<18

Ek Bob it Greidhoek' Festival meie jongelju ûnder 18 jier gjin alkohol drinke. Elkenien ûnder de 18 jier krijt by de kassa in spesjaal jonger as 18-bandsje. Der kin by de kassa dus nei je ID-kaart frege wurde.

## HÛSKES

Ek dit jier hoege de froulju net op Dixi's út de broek, mar komt der wer in spesjale lúksehúskewein.

Ek foar dizze húskes kinne jim it lytsjild wol thúslitte.

Fansels is it brûken fan de húskes op it Greidhoek' Festival fergees en kinne je dus foar neat út de panty.

## 22 SEPTIMBER 'BUORLJUDEI'

It Greidhoek' Festival 2018 falt dit jier Bob sneon 22 septimber, oftewol Buorljudei (Burendag)! Dit kin net moaier! Wat ús oanbelanget nimme jim allegear de buorlju mei nei it Greidhoek' Festival 2018! #Boppenbyelkoar #wybinneallegearBoblju

## WINNE WINNE WINNE!

By de Jumbo-Kooistra en op Facebook binne ferskate aksjes om frijkaarten foar it Greidhoek' Festival te winnen. Je kinne ek frijkaarten winne troch alle ôfbyldings fan Bob yn dizze krante te tellen en troch te jaan fia [info@greidhoekfestival.nl](mailto:info@greidhoekfestival.nl) ûnder fermelding fan 'Bob'. Wy binne benijd hoefolle as jim telle! Under de goeie ynstjoerders ferlottsje wy 4 frijkaarten. Kom mar Bob!

## BERN EN BOB FERGEES

Sa 't wy al seinen binne bern oan 't en mei 12 jier fergees. Dêrneist meie fansels alle lju dy 't wier Bob hjitte ek fergees it festivalterrein op. By de yngong moat dan al efkes in jildich legitimaasjebewiis sjen litten wurde. En efkes Bob de foto?

## TAGONG

It Greidhoek' festival fynt plak op it smúke Wommelser swimbadterrein. De tagong nei it Greidhoek' Festival is oan de kant fan de jachthaven en is fia de Terp-kant ôf te berikken.

## PARKEARE

Parkeare kin û.o. by de Jumbo oan de Terp. Buorden sille dúdlik meitsje hoe't je op it festivalterrein komme. Ek kinne je fansels netsjes in plakje foar de auto fine earne oars yn Wommels. Bygelyks op de parkearplakken fan de skoallen oan de Walperterwei. Lytsjild kinne je wol thúslitte, yn de hiele Greidhoek' is it parkearen fergees.

## BEKERS

Bob tinkt om it miljeu en wol graach wat dwaan om de plestik sop tsjin te gean. Bob komt no noch plestik bekers fan ferline jier tsjin op it terrein. De Mik hat no spesjale kokers foar Bob makke dêr't je de bekers yndwaan kinne sadat de bekers net op it terrein of yn it swimbad bedarje. It hat allinnich mar positive kanten, want it is better foar it miljeu en je hawwe ek noch minder op te romjen. #Bobromme

## BUORDSJES

Foar it stikje rjochting en mei in knypeach: Bob hâldt fan moaie tekstkes en dy kin er ek dit jier wer goed kwyt op de buordsjes dy't de meiwurkers fan De Mik makke hawwe. #dikkeMik

## SMOKE

Op it festivalterrein mei smookt wurde útsein yn de tinten. De boetes binne net om 'e nocht en foar dat jild hellet Bob leaver in goeie band.

## KOM OP TIID!

De festivaldoar is dit jier wer om 15.00 oere al iepen. Kom net te let, want is it lyk al de muoite wurdich om te sjen. De taap slút om 1.30 oere en om 2.00 oere moat it fjild leech wêze. #gietdanticht

## BOBROMJE

De sneins nei it festival moat alles wer opropomme wurde. It soe moai wêze as jim ús dêr efkes by helpe wolle. Wy hawwe mei syn allen in moai feest hân en it is tige de muoite wurdich om dit mei syn allen op snein noch efkes mei elkoar te dielen wylst wy it fjild opropomme! Sa belibje je it festival gewoan twa kear! Kom ek!

## PRESINTATRISE 2018: MARIJKE ROSKAM!

Nim eat datst goed kinst en Marijke Roskam seit #ikek. Superbliid binne wy mei har as presintatrise fan ien fan beide podia op it 8e Greidhoek' Festival. Oan enerzjy gjin gebrek en dat sille we fernimme! Jim kenne Marijke misskien as presintatrise fan BNR radio. Of fan 3FM. Of Radio 2. Of Omrop Fryslân. Sa net dan hawwe jim har misskien by in kongres, symposium of debat sjoen. Marijke is de meast frege deifoarsitter fan Nederlân. Op it stuit is se ek drok mei LF2018. Sy soarget foar de legacy fan LF2028 mei as ambysje de moaie flow dêr't Fryslân no yn sit sa lang mooglik fêst te halden. Bliid mei Marijke? #Bobek



## PRESINTATOR 2018: AANT HOEFSTR!

De 8e edysje fan it Greidhoek' Festival wurdt Bob 'e nij presintearre troch de man dy 't mei de jierren safolle bands sjoen hat dat der eins net in band mear is dy't hy net ken. Jim kenne him fan syn lisfyts, SDS, syn burd, it efkes baljen, syn skriuwen en ek fan syn parate muzykkennis. Hy sil jim fan ien fan de twa podia ôf te wurd stean: Aant Hofstra. #ditkernetBobdelisfyts



#HEK ALLES  
BY MY?

# DE BOB-100

1 Bob	29 Tine & Jaap	57 Liesbeth van der Ende	85 Ilse & Anne-Jan
2 Anneke & Rudolf	30 Nynke & Marcel	58 Margriet & Minne	86 Pieteke & Jan
3 Hennie & Pieter-Jan	31 Klaske & Meinte	59 Afke & Henk	87 Anne Marije & Klaas
4 Maaïke & Harry	32 Fenna & Ab	60 Ingrid & Douwe	88 Anne Marie & Paul
5 Marieke & Lukas	33 Geeske & Bram	61 Evelyn & Robert	89 Otie & Henk
6 Monique & Jan Vellinga	34 Nynke & Ronny	62 Namkje & Wybren	90 Antsje & Carlis
7 Nynke & Remco	35 Esther & Tsjipke	63 Margje & Tiede	91 Anita & Teake
8 Pep & Eddy	36 Daan Boersma	64 Sascha & Jaap	92 Cindy & Erik
9 Piety Bouma	37 Jellie & Aant	65 Baukje & Sjoerd	93 Evelien & Joop
10 Antsje & René	38 Tecla & Durk	66 Tineke & Hinne	94 Lolke Hofstra
11 Silvia & Jan-Rinse	39 Amarins & Cor	67 Grytsje & Jelle	95 Emma & Harrie
12 Nicolet & Simon	40 Anna-Marie & Popko	68 Yvonne & Jan-Jetze	96 Sijbout Coolenbrander
13 Anneke & Theun	41 Hans	69 Rixt & Johan	97 Lize & Folkert
14 Yvonne & Marcel	42 Petra Hoekstra	70 Monique & Sjoerd	98 Peter Wijnia
15 Caroline & Jurgen	43 Henk Wetting	71 Petra & Trienus	99 Monique & Jan Hibma
16 Paul de Bruin	44 Ida Wetting	72 Sjoerd van Beem	100 Berber & Folkert
17 Theresia & Gerben	45 Alberdina & Piet	73 Gido Bamboe	101 Marike & Joop
18 Amarins & Aebe	46 Janneke & Teade	74 Corrie & Rintje	102 Jehannes Hibma
19 Marjan & Marco	47 Frederike & Germ	75 Arnold Strikwerda	103 Carla & Tseard
20 Thea & Johan	48 Afke & Thom	76 Rens & Kornelis	104 Karin & Jasper
21 Carin & Frans	49 Anke & Pier	77 Tjitske & Sybe	105 Sytske & Gerlof
22 Tineke & Pieter	50 Feikje & Cor	78 Grietje & Hink	106 Tjalke Gaastra
23 Dukke & Tjerk	51 Marga & Jan	79 Foekje & Hans	107 Elbrich & Jacco
24 Franke Wiersma	52 Jolanda & Herre	80 Ineke & Peter	108 Foppe Bogaard
25 Mirja & Paul	53 Merel & Meint	81 Antsje & Sipke	109 Astrid & Rudy
26 Janneke & Rutger	54 Irene & Tony	82 Annelys & Rudy	110 Do?
27 Anneke & Rutger	55 Atty & Freddie	83 Annelies & Pieter	
28 Margriet & Henk	56 Immie & Enno	84 Aligonda & Klaas	

## ÚS OPPER-OPPERBOPPERS BINNE DIT JIER:

**JUMBO**

**Kooistra**



**Freez.it**  
uw ict-afdeling



**Rabobank**

## STIPERS

### OFTEWOL OPPER- EN OPPER-OPPERBOPPERS

Om it Greidhoek' Festival troch te setten is grutkapitaal nedich. Stypje kin op twa manieren: as Bopper as as OpperBopper. Kinst Bopper (freon) wurde of kinst as bedriuw ynvestearje (stiper c.q. OpperBopper) wêrtroch't de bedriuwsnamme troch ús aktyf promoaten wurdt. Skriuw it bedriuw yn troch te mailen nei [info@greidhoekfestival.nl](mailto:info@greidhoekfestival.nl) of kontakt op te nimmen mei Willem Wijnia: [willem@greidhoekfestival.frl](mailto:willem@greidhoekfestival.frl). Der binne twa stiperspakketten:

### HAADSTIPER (OPPER-OPPERBOPPER)

- In unike wize om it bedriuw yn de Greidhoeke te promoatsjen
- Logo + hyperlink prominint op alle siden fan ús webside
- Logo op posters, flyers, billboards
- Nammefermelding yn parseberjochten
- Ludike reklamemooglikheden op it festival
- Nammefermelding yn de tankadvertinsje
- 10 frijkaarten

### STIPER (OPPERBOPPER)

- In unike wize om it bedriuw yn de Greidhoeke te promoatsjen
- Logo + hyperlink rûlearjend op alle siden fan ús webside
- Logo + hyperlink op de webside ûnder de side 'OpperBoppers'
- Reklamemooglikheden op it grutte skerm op it festival
- Nammefermelding yn in tankadvertinsje
- 4 frijkaarten

### WURD EK BOPPER!

Om alle jierren sterk útein te setten is der kapitaal nedich en dêr hawwe wy belutsen minsken foar nedich. Foar €50,- krigest 2 frijkaarten, in plakje yn de Bob-100, in útnûging foar de Bob-jûn (frijwilligersjûn/stipersjûn/parsekonferinsje yn maaie/juny 2019) en fansels ivige rom en respekt. Set dysels noch gau efkes yn de Bob-100 edysje 2018 troch op [greidhoekfestival.nl/boppers](http://greidhoekfestival.nl/boppers) dyn gegevens yn te foljen. De frijkaarten komme dan begjin septimber nei dy ta. De Bob-100 2018 sjocht der oan 't no ta sa út! Bob nei de 150!



# DE FOLGENDE OPPERBOPPERS MEITSJE IT GREIDHOEK' FESTIVAL 2018 MEI MOOGLIK:

5Online  
ABS Steigerbouw B.V.  
Accelent  
Allicht  
Amaranthus  
American Base  
B & O Bandenservice  
Baas Himd  
Bentacera  
Bos Konstruktie en Machinebouw B.V.  
Bos Mechanisatiebedriuw  
Boubedriuw Kooistra  
Bouwbedrijf Frankena  
Bouw-Tekenburo Wietse B. Ligthart  
Bouwhuis Horeca  
Brouwers Schilders  
CMC-groep  
DA-Fizel  
De Jong Tweewielersbedrijf  
De Mik  
De Tsjasker  
Drukkerij Van der Eems  
Dutsen.nl  
Eetcafé Jonker Sikke  
Effectief Onderwijs

Eringa Rijopleiding  
Expertisecentrum Stenekes  
FDB Techniek B.V.  
FIC-Financials  
FKWWI  
Foodbrothers  
Gerbrandy Onroerend Goed B.V.  
Iisbaankeukens  
It Dielshús  
Jimbar  
KTF-Kraanverhuur  
Leerkrachtcoach  
LVG Showtechniek  
Mannen van Staal  
Margje 24  
Mei Anke Interieurspecialist  
Metsel- en voegbedrijf T. Haakma  
METZ-Style  
Multiservice (Jurjen) Bos  
Murk's Slagerij  
Nanning Dijkstra Renovatie Bouw  
Nijdam Skildersbedriuw  
Op 'e Skille  
Opvallend Reclame  
SAM-onderhoud

Slagter custom made rvs en hout  
Studio Smids  
Swimbad de Klomp  
Teledatacom  
Timmer- en Aannemersbedrijf Van Ruiten  
Timmerbedrijf Ruurd Veldhuis  
TMB De Jong  
TRW-service  
Túnman Teake  
Van der Velde Kraanverhuur  
Van der Velde Slaapcomfort, Mode en  
Textiel  
Warenhuis Van der Velde  
Wetterwille  
Wheagan Multi Car Service  
Wiersma Administratieve en Fiscale  
dienstverlening  
Wiersma Equipment  
Wildkamp Winsum  
Woonvaria  
Xelvin

## ITEN

Ek dit jier kin der wer hearlijk iten wurde Bob it Greidhoek' Festival. Dit kin allegear mei munten betelle wurde. Hjir alfêst in lyts foarpriuwe, mar skrik net as Bob noch mear ferrassend lekker iten út syn bulte hier gûchelt, want Bob is gek Bob ferrassingen.



## FOOdBROTHERS

De Foodbrothers komme alwer foar de 7e kear nei nei ús festival mei harren Amerikaanske hotdogkarre. Ek dit kear komme sy wer mei harren hiele roedel. Al jierren mei de The Classic, The Hot Chili en The Funky Tzatziki, mar ek mei de Jailhouse Dog en The Hot Mexican. Benijd wat sy dit jier spesjaal foar Bob út de koksmûtse toerje sille. Rekkenje der mar fêst Bob dat it smakket. #hotBobs



## MARGJE 24

Ilsbuorkerij Margje 24 út Warkum makket ambachtlik iis fan de molke fan de eigen kij. Se hawwe in saneamde 'ijssaloon' op de buorkerij dêr't de minsken in ferskaat oan smaken iis krije kinne. Sûnt 2013 hawwe Sander en Deborah ek in iiskobus, wêrmei't se mei harren iis nei eveneminten ta geane. Sadwaande komme se ek dit jier wer op it Greidhoek' Festival. Soenen sy foar Bob ek in spesjale iisko mei iis like swart as it hier fan Bob hawwe? #hestekslachrjemmederBob?

## ALDERWETSKE RIKKE IEL

Natoerman yn ieren en sinen Wybren Bruinsma sil it festivalterrein rûke litte dat er hearlike iel oan it rikjen is. We hoege him eins net iens op de plattegrûn te setten, jim kin gewoan op de reek fan de rikkerstûne ôfgean. As jim it ien kear preaun ha, dan is der mar ien opmerking op syn plak: Finger-slikjend-lekker! #omBobtesûgjen



## DE KOFFIEBOON

Ek dit jier kinne jim wer in bakje kofje, té, espresso, cappuccino of hokker soartige waarme drank dan ek krije by ús man fan De Koffieboon. Soe der foar Bob ek in spesjaal noflik pittich bakje hawwe? #hestekinleppeltsje? #dekoffieBob



## TOSTI-KIP

De klassike tosti mei ham en tsiis, tosti mei brie en huning, tosti mei geitetsiis, dat liket der Bob! Biologysk, fegetarysk en ek noch klearmakke mei streekprodukten. Yn in âlde Kipkaravan út 1982 kin we genietsje fan in lekkere tosti. Probearje hjir mar ris fanôf te bliuwen #Bobek



## SMOKE MEI JONKER SIKKE

Yn de tinten mei net smookt wurde, mar Bob hat in goed alternatyf foar jim ûnder de prúk weihelle. Yn gearwurking mei ytkafee Jonker Sikke út Jellum sil Nanne Dusselaar in ferskaat oan fleisprodukten klearmeitsje yn De Smoker. Op de Bobjûn hawwe wy hjir al fan priuwe kinnen, Nanne De Smoker hie it hast drokker as de biertaper. It sil in ferrassing wurde wat de hearen yn de smoker klearmeitsje kinne. In hiele ko? In heale ko? Baarch en ko? We sille it priuwe, Bob kin net wachtsje. #netoaninoarsynasharfleiskomme


## HITE KURRY & KALDE PASTA!

Yn gearwurking mei Murk's Slagerij en de de Wommelser Bhutanezen Prahlad en Arjun is der ek dit jier wer curry. Spesjaal foar it Greidhoek' Festival komme se mei nije smaaksensaasjes. Se hawwe sawol curry mei as sûnder fleis te keap. Nim in pear happen en jim hâlde de oar op ôfstân. Wurdt it te hyt ûnder de fuotten doch dan twa stappen opside en priuw de kâlde pasta fan Murk's Slagerij. Sa komme ferskate kultueren op de tonge ta libben, it oanslutende drankje sil foar de ferbining soargje. #Bobeksoatysk

## MEALS EN MEAR FAN JUMBO(B)-KOOISTRA EN IT DIELSHÚS

Gjin nee te keap by de iterij fan ús haadstiper Jumbo-Kooistra en partysintrum It Dielshús. Iten sûnder fleis: ûnder oaren noodles, falafel mei sla en fan alles en noch wat. Iten mei fleis, kulinêre ferrassingen mei hin, baarch en net te ferjitten de ienige echte Bob-Burger! Koartsein, asto roppich bist kinste hjir terjochte foar Meat, meals en mear! #hesteksannochoaninBobburger?

# BLOKKESKEMA MUZYK



# BLOKKESKEMA KEUNST



OANT 22  
SEPTIMBER!